

Misdieden op 'e sângrûn

F 13-2-'10

Roman

troch Jaap Krol

Jolke Antema is in pensionearre resjersjeur, dy't ferhuze is út de Rânestêd en wer werom is yn de Wâlden. Hy wol it leafst yn de tún wurkje, mar as der op Sumarreheide allegear frjemde saken barre, krûpt it bloed fansels dêr't it net gean kin. Earst is der in pleats, dy't ôfbaarnt en dêr't nei it blussen ûnder de jiske in lyk fûn wurdt. Dan is der in útbaarnde auto, dy't erges fierderop oan de dyk stiet. It lyk, sa docht bliken, is fan in man dy't letterlik noch wat lizzen hie op Sumarreheide. Haadfertochte is beropskrimineel Auke B. Hy is wierskynlik in soan fan in NSB-boer en is al gau yn byld om't er wurden hân hat mei twa net al te frisse Hollanners.

Antema's meast yn it each springende ynformant is Douwe 'Poat' Jagersma, lytse boer en in echt wâldpykje, dy't neat hawwe moat fan gesach en de neutrale Antema dêrom yn betrouwen nimt.

Mar Jagersma wit eins krekt wat tefolle fan dizze streek en syn bewenners, sadat er net fertocht, mar, hoe paradoksaal ek, yn syn ûnwittendheid dochts in bytsje meplichtich is.

Skriuwer Hedzer Hooijenga hat mei *Unrêst op de Sumarreheide* in flot ferhaal skreaun. Hjirmei doel ik net op de komposysje, dy't yn myn eagen te oerspand is. Hooijenga portrettearret minsken en har beweegredens te funksjoneel. Dat hat fan gefolgen dat de personaazjes pionnen binne, dy't de skriuwer op wol hiel arbitrêre wize foarsjocht fan it label 'goed' en 'fout'. Goed binne de fierders hiele aardige plysjemannen en har kofjedrinkende froulju; fout binne dy minsken dy't dat fan natuere gewoan binne: bastaardbern, 'Hollanners' mei nuvere aksinten en Dútsers mei in ferline.

Taalfynsten

Nee, mei 'flot' bedoel ik mear de soepel skreaune ferhâl-

ding tusken Antema en de kostlike Jagersma, dy't troch syn dwerse hâlding en grutte wurden sa út in boek van Rink van der Velde liket te kommen. Ek fyn ik Hooijenga syn taalfynsten faak moai: „Ik moat nei Syts ta, oars krij 'k in wan op 'e hûd" (side 77); „Hja woenen dy rauwe apostel dêr deagraach kwyt, want hy wie bytiden sa lestich as in hânfol flieën en (ê) wienen dy âlde dwersbongel sa sêd as spuid spek." (side 102)

Hooijenga soe de nuânses wat mear ferkenne moatte. Ynstee fan it krekt wat te tafallige speurdersjargon haw ik leaver it hiele grutte wurd fan fierders hiele lytse minsken. Sumarreheide en de krite dêromhinne liket my dêr in prima lokaasje foar. Heite.

1 Hedzer T. Hooijenga, Unrêst op Sumarreheide, KFFB 2009, 16 euro

